

Earste roman fan Saakje Huisman Libbensechte minsken

Sa'n oardel jier nei it
ferskinnen fan *Sûnder hûd*,
de debútferhalebondel
fan Saakje Huisman, is no
har earste roman *Losse
hannen útjûn*.

CORRY BOELENS

Haadpersoan is de fjirtjinjierrige Tessa. Op skoalle, mar ek thús, heart se der net by. Har broer hat in grouwéligen hekel oan har. Hy narret har en har mem hâldt it mei de jonge. Mei har heit kin se wol goed, mar hy is eins nea thús.

De oare haadpersoan is Sjerda, in sterke frou mei in yntryst ferline. Sy wennet in ein bûtenút mei har bisten en hat fierder mei gjin minske gedoente.

Tusken Sjerda en Tessa bestiet in waarme relaasje. Sjerda jout Tessa it omtinken en de leafde, dy't it famke thús net kriget. Beide binne se „ien mei gebrûksoanwizing”. Tessa kriget dat faak genôch fan har mem te hearren en yn it doarp wurdt der likernôch sa oer Sjerda praat. De 'hierfrou' wurdt se neamd fanwege in hormonale ôfwiking: har hiele lichem is bedutsen mei hier.

Mei Tessa giet it net goed. Op skoalle wol it net en dan is dêr noch Jeroen, in 'abstrakt geëamel-filosooft' mei - hoe kin it ek oars - in min houlik. Hy boadskipet foar Sjerda en hat sadwaande syn kommen by har. Jeroen hat losse hannen en misbrûkt Tessa. Tsjin gjin minske doar se dêr wat oer sizze. Se hatet him, mar har karakter lit it net ta om him te ferrieden.

De roman beslacht de pear da-

gen út it libben fan Tessa foar en nei't se Jeroen 'gewurde litten hat'. Yn 'e medyske ensyklopedy siket se op, hokfoar gefolgen oft dat hawwe kin. Yn dy ferskriklike ûnwissens: bin ik yn ferwachting of net? wit se net hoe't it no fierder moat. Echte freondinnen hat se net. De iennige dêr't se der mei oer prate kinne soe is Sjerda, mar dat doar se net. Se skammet har, want se tinkt, dat it har eigen skuld is. Tessa hat de boaiem fan de put berikt en 'woe wol, dat se net bestie'. It kearpunt komt nei't Sjerda har eagen iepen geane.

It is net hielendal earlik en ferlykje in ferhalebondel mei in roman, mar dochs in inkelde opmerking: Yn de fiifentweintich ferhalen fan *Sûnder hûd* set Saakje Huisman har haadpersoanen kwetsber del, yn konflikt mei harsels en de minsken om har hinne. Dat is har yn *Losse hannen* wer tige goed slagge.

Dochs mist de roman it 'puntinge' fan de ferhalen yn *Sûnder hûd*. It boek is op guon plakken suver de drege kant it neist.

Om in foarbyld te neamen: Yn in lange flashback fan krapoan seis siden wurdt de lêzer de oarsaak gewaar fan it hâlden en dragen fan Tessa har mem foar har dochter oer. Dat hie tink koarter om 'e hoeke kinnen. De feart wurdt wat út it ferhaal helle en dat is spitich.

De roman is lykwols tige de muoite wurdich, net yn 't lêste plak om't de skriuwster har haadpersoonaazjes sa libbensecht delset hat.

Hier besprutsen:

Losse hannen fan Saakje Huisman. Utjouwerij Frysk en Frij in Ljouwert; 24,50 gulden.